

## Rinne oer it wetter.

De preek dy't jo hjir lêze kinne is troch ds. Hinne Wagenaar hâlden op 8 juny 2008 yn de Martinitsjerke te Snits. Dy 8-ste juny wie in histoaryske datum. Want op deselde dei en op deselde datum, mar dan 100 jier lyn, waard it Kristlik Frysk Selskip oprjochte. Op de dei dat dizze preek útsprutsen waard, fierde it KFS syn 100-jierrich bestean..

En Krúspunt mei syn webside is op in hiele bulte punten de fuortsetting fan it KFS.

Klik [hjirre](#) om de hiele preek lêze te kinnen.

## Rinne oer it wetter. Fantastysk! (Mattéus 14: 22-33)

Preek foar de tsjerkedej fan 2008 (Snits, 8 juny 2008)

Ds. Hinne Wagenaar

Mienskip fan Kristus, bêste minsken!

1.

It is hjoed in histoaryske dei! Op 8 juny 1908 kamen ds. Huisman, Dr. Wumkes en sa'n 50 oaren by inoar om it Kristlik Frysk Selskip (KFS) op te rjochtsjen. Dêrmei bestiet it KFS hjoed op de dei ôf 100 jier. Op 8 juny 1908 wie it Pinkstermoandei en dus harken hja nei de wurden út Hannelingen 2 oer it talewûnder op it Pinksterfeest: 'Hoe komt it dan, dat in elk se praten heart yn syn eigen memmetaal? Wy hearre harren yn ús eigen taal fertellen fan Gods grutte dieden.' (Hann. 2: 8, 11) Fan dy dei ôf fielt it KFS it as syn ropping om it ek de Friezen mooglik te meitsjen it evangeelje yn har eigen taal te ferkundigjen en te hearren.

As bestjoerslid fan it KFS mei ik hjir hjoed preekje, en fansels yn it Frysk. Hoe soe it ek oars kinne? Wy binne tankber dat de situaasje yn 100 jier te'n goede feroare is. Want wy moatte net ferjitte dat 100 jier ferlyn it Frysk folslein gjin plak hie yn ús tsjerken. Net op snein yn tsjerke, mar ek net troch de wike by de gearkomsten, it fraachlearen en de húsbesite. It Frysk wie te leech, te ûnearbiedich, ek te tichteby! Nei it Latyn fan de midsiuwske tsjerke waard de taal fan de 'Statenvertaling' de tsjerketaal yn Fryslân, fier oer de holle fan de minsken hinne: heech, earbiedich, op ôfstân! Yn 1908 wie der ek hast gjin materiaal beskikber. Yn de rin fan 100 jier is dat feroare: de *Psalmen* binne berime, de *Bibel* is oerset, wy hawwe it *Lieteboek foar de Tsjerken* krigen. En it giet mar troch. Yn de Protestantske Tsjerke wurde de tsjinstboeken hielendal yn it Frysk oerset. En der binne Fryske lieten by de rûs: *Tuskentiden* (2006), bernelieten yn *Tusken rein en sinne* (hjoed oanbean), *80 lieten út Taizé* (hjoed ek oanbean), en yn 'e hjerst sil in meartalige bondel (*Wylde goes*) mei mear as 50 lieten út Iona it ljocht sjen.

De situaasje is hjoed-de-dei folslein oars as yn 1908. Dêr binne wy wakker tankber foar, ek al witte wy dat it Frysk noch hieltyd mar in beheind plakje yn ús tsjerken hat. Wy sizze tsjinwurdich yn it KFS: 'it Frysk is wol gewoan wurden, mar noch net fansels!' Dat it Frysk 'fansels' wurde mei en wy Gods grutte dieden yn ús eigen taal hearre, dát is ús gebed foar de 100 jier dy't komme.

2.

Wy hawwe hjoed lêzen út it Evangeelje neffens Mattéus, it ferhaal fan Jezus dy't oer it wetter rint. Ik soe jimme útnûgje wolle om it skilderij dat Mattéus ús foarskilderet foar de geast te heljen, om de bylden oan de binnenkant fan jimme netflues op te roppen. Jimme meie de eagen aansten bêst ticht dwaan. Ik sil net tinke dat jimme no al sliepe!

It listwurk, de setting fan it ferhaal is earst wichtich om te sjen. It spilet him ôf yn in momint fan krisis. Nei it sukses by it begjin fan Jezus syn iepenbiere optreden ûntstiet der no tsjinstân. Der is striid mei de liederen fan har eigen Joadske tradysjes, Jezus hat tsjinslach yn Nazaret, en Hy fernimt dat Johannes de Doper fermoarde is. Dalik nei't Jezus dat heard hat siket Hy in iensume oarde om allinnich te wêzen. In grute kloft minsken folget him lykwols. It ferhaal fan de 5000 dy't sêd krije folget dan earst. Mar fuort neitiid giet Hy de berch op om allinne te wêzen en te bidden. De learlingen geane oan board om nei de oare kant te farren.

Dat is it listwurk om it skilderij hinne: krisis, Jezus allinne op de berch, de learlingen yn it skip op it wetter. En dan skilderet Mattéus ús it ferhaal. Besykje it jimme foar te stellen. It is nacht en it is tsjuster. De boat is al gâns in ein út 'e wâl. Der binne hege weagen (golven) en sy ha yn de wyn! Alles is tsjuster, alles sit tsjin, de boat kin omslaan, de learlingen sille ferdrinke. Se binne bang, ferlitten en ferlern. En dan... letter, yn de neinachtt wannear't sy al hielendal te'n ein en ûntheistere binne, dan sjogge hja in ferskinning oer it wetter gear. Sy raze it út. In spoek? Ja, alle oer-eangsten en oerbylden komme op sa'n stuit omheech en begjinne op te spyljen. Yn it Gryksk stiet der: in fantasma. In ferskinning. It is der al mar it kin der net wêze. Fantasy?

Sjogge jimme it al foar jimme? En mear noch, kinne jimme it fiele: de spanning en de bangens?

3.

It giet hjir fansels om folle mear as allinne it ferhaal fan de learlingen dy't op in sekere nacht ris in swiere dobber hawwe. Mattéus skilderet ús de situaasje fan Jezus en de learlingen, dat it evangeelje yn ús wrâld in swiere sile lûkt. Hy brûkt net om 'e nocht it wurd 'see' (sa stiet it der yn it Gryksk) foar it wetter fan dizze mar. De see wie it symboal yn Israel foar de machten dy't ús boppe de holle groei, it symboal fan dea en driging. Sa lit Mattéus sjen hoe swier it evangeelje it hat yn dizze wrâld. Der binne grutte machten dy't ús yn 'e macht ha wolle: ûnrjocht en oarloch - rykdom, gloarje en posysje. De ferliedingen binne grut, wylst de krêft fan rjochtfeardigens en frede - fan leafde, goedens en trou sa lyts lykje. De wei fan it keninkryk is tige kwetsber en wy reitsje samar fersyld yn neare nacht en swier waar.

Mar Jezus siket in dizze tiid fan krisis kontakt mei syn boarne, mei syn Heit. Jezus siket de iensumens en de stilte om te bidden. Hy makket wer kontakt mei syn spiritualiteit en syn ropping. Fansels hat Hy weet fan de machten, en wit Hy hoe nuodlik de wei fan it keninkryk is. Hy wit dat as gjinien oars! Mar Jezus lit him net bang meitsje, Hy lit him net weidriuwe fan syn missy. Hy rint oer it wetter fan de see hinne. Hy is master oer de machten. Hy hat it kwea yn 'e macht. Sa komt Hy de learlingen te help, mar mear noch, sa lit Hy harren sjen hoe't sy (en wy) libje meie. Dit is gjin fantasy, mar in fantastysk ferhaal! Want it giet der net allinne om dat Jezus oer it wetter rinne kin. Nee, hy seit tsjin Petrus, én de oare learlingen (en ek tsjin ús): KOM! Wês net bang.

Petrus freget der sels om! 'Hear, as Jo it binne, sis dan dat ik oer it wetter by Jo komme moat.' Dát is nochris in learling, hy freget sels om dizze opjefte. Hy wol ek oer it wetter rinne, oer de machten fan it kwea en sûnde hinne. Binne jimme al sa fier ...? Mar as Petrus dan de wyn heart en de weagen sjocht, dan binne syn moed en oermoedigens samar fuort. Dan krije de machten him wer yn 'e greep en giet hy deryn te'n ûnder. Sa giet dat, ús fertrouwen is net altyd like sterk. Wy sjogge it ús al gau oan. Mar gelokkich giet Petrus ús net allinne foar by it rinnen oer it wetter, hy leart ús ek te bidden. Hy giet ús ek foar yn it smeekebed: Hear, help my, help ús, help dizze wrâld! Op slach stekt Jezus him de hân ta. Jezus giet foar ús oer it wetter, Hy rêdt ús út it wetter wei, Hy set ús wer rjochtop op ús fuotten!

4.

Bêste minsken.

Dit ferhaal jout ús gelegenheid om sels ús ûnfinen yn te bringen. Wy kinne it ferhaal op ús eigen wize meimeitsje. Eigen ûnderfinen fan bangens, fan ferlern en ferlitten fielen, kinne in plak krije. De stoarm en de weagen steane symboal foar wat wy yn ús eigen libben foar de kiezen krije. It tsjuster en de see steane symboal foar de polityke machten fan oarloch en ûnrjocht, fan miljeuferneatiging en ekonomyske dwaasheid.

Mar stean my hjoed ta om dit ferhaal ek te besjen yn it perspektyf dêr't ik hjoed mei begûn bin. Yn it perspektyf fan it 'yn ús eigen taal'. Want yn it Kristlik Frysk Selskip (en al dy oare groepen dy't har likegoed bekroadzje om it Frysk yn tsjerke) sjogge wy grutte weagen en tsjustere nachten. Wy binne fansels bang dat ús taal it net rêde sil. Wy binne benaud foar de grutte globale machten dy't alles dat lyts en kwetsber is, ferrinnewearje (ferniele) en ta spot meitsje. Mar wy binne net allinne bang en besoarge. Tagelyk binne wy faak ek wol moedich genôch, en rinne wy by flagen oer it wetter hinne. Dan binne wy hast wat oermoedich. Want wy witte dat Jezus nêst ús stiet om ús te rêden.

Der is noch in twadde soarch dy't wy ha. Want it giet ús net allinne om de Fryske taal en identiteit. Mear en mear sjogge wy dat oare groepen yn Fryslân en yn Nederlân yn swier waar telâne komme. Dat minsken foarsichtich wêze moatte mei harren taal, kultuer, godstsjinst en hûdkleur. It liket wol krekt as wolle guon minsken stride foar har eigen taal en kultuer troch harren ôf te setten tsjin dy fan oaren. Yn Fryslân is dat (noch) net sa prominint, yn oare parten fan Nederlân nammerste mear. Mar lit dit dúdlik wêze, wy wolle net grutsk op Fryslân wêze troch oare groepen tagelyk leech te lizzen. 'Trots op Nederland'?, Jawis, mar allinne wannear 't alle minsken de frijheid krije om 'trots', om grutsk te wêzen op har eigen taal en kultuer: Hollanner en Fries, Surinamer en Turk, Joad, Moslim en Kristen, asylsiker en 'Fries om utens'. Grutsk op Fryslân? Jawis, krekt dêrom begripe wy sa goed dat oare minsken ek sa wiis binne mei har eigen memmetaal, en faak sa ûnwennich binne nei har eigen heitelân.

Yn de takomst sille der yn de tsjerken fan Fryslân mear en mear talen klinke. Wy binne ûnderweis nei in meartalige tsjerke. It giet net om it Frysk foar it Nederlânsk oer, mar it giet derom dat minsken it evangeelje yn har eigen memmetaal hearre kinne. Dat betsjut dat wy yn tsjerke linich mei taal omgean (leare) moatte, en dat der ferskaat wêze mei. Wy sykje en bidde om in tsjerke dy't fleurich, kleurich en talich (mear-talich) is.

5.

Bêste minsken, yn tiden fan tsjuster en need komt Jezus ús temjitte oer it wetter. En nûget ús om te kommen. Kom, wês net bang! Mei-inoar meie wy, elkenien op syn of har eigen wize, yngean op dizze oprop. Wy ha alle gearre dy ropping om oer it wetter te rinnen en de wei fan it keninkryk te gean. Bûtenstanders sille miskien net begripe dat it mooglik is en beare oer spoken en fantasy. Mar wy witte better, en oefenje hieltyd om mei Jezus oer it wetter te rinnen. Wy komme dan sels miskien ek op in punt út dat wy Jezus freegje 'Hear, sis my, dat ik oer it wetter by Jo komme moat'. Want rinne oer it wetter, mei Jezus as reisgenoat, dat is fantastysk!

Amen.